

KOART FORHAEL

Sûnderling

fan A. M. WYBENGA

Altyd hie der folk west dat op sê tald. Nou ja, Peasens wie moai en it Moddergat bysûnder yn syn soarte en de Oere by 't winter in freonskiplik plak. Mar as de maityd mar jusjes kommen wie, dan wie 't de sê dy't har loek en dan sei it Harm Wyttes folk: „Wy der op út, op aek en kogge om fisk.“ De sê wie har illemint, de wide, de wylde, ûnbidimbre dy't syn kloeren wol nei har útsloech, mar dy't gjint fan harren meislept hie nei de djip-te. Dêr wiene hja great op. En by't winter yn 'e harbarg forhelderen har eagen en hiene hja de sêwûnders yn in sucht wer foar de geast en yn byldrike tael tekenen hja har oerwinnings út.

Hommels wie it bledtsje omkeard. Mei de ramp fan 1883 hie it fiskermansbistean in danigen knoei krige en it measte part fan it folk hie him op it lân forspraet. Alde Harm Wyttes sels hie wol hwat sinten en in stikmannich pounsmjitten lân; wolnou, dan mar gernierkje.

Mar it lân is gjin sê! En mei jild allinne is in sêman ek noch net yn syn illemint.

It bigoun de alde heit to malen. Hiene der oan syn memme kant ek gjin swakhollige minsken west?

Syn frou, earst wakker gebeten op it oer-dwealsk praet dat Harm by tiden útsloech, bigoun it letter yn to baernen: it komt sa net goed mei myn man.

Graech hie hja treast socht by har jonges, mar dy wienen har ûntwoeksen. It wiene keardels as beammen, alle trje, mar suver dat hja gjin oanklang by har fine koe.

Doe kamen de slaggen hurd oan. Yn ien jier tiid forlear hja twa fan har jonges, de âldste en de jongste. En it wie nuver: Douwe, dy't earst neat fan Heit syn oertinkings oer Gods wrake hawwe moaste, rekke dêr op 't lêst alhiel fan yn 'e bisnijng. Soe de âldman yn syn oerstjûrens noch net de suverste wierheit op it aljemint bringe?

Dêr siet Douwe oer yn prakkesaesjes as

by 't hjerst de blêdden foelen, mar ek as de beammen by 't maitiid sa grien en fris der hinne stiene. En, nuver, hy koe dy wiksel fan op- en delgean net forneare, lyk as syn heit de wiksel fan sê en lân net útstean koe. It wie de nevel dy't oer har geasten him útspraette en dêr't gjin sinne fan forstân trochhinne skine koe.

Sa duorre dat in jiermannich, doe't wer, hast like hommels as de beide bruorren, heit en mem der ôfrekken. Mem yn folle frede nei de felle ierdske striid en it wie krekt oft ek heite geast by de rânne fan it grêf helderder waard.

En Douwe bleau allinne oer.

Suver oft er nou alhiel foroare wie. De Peazemers wiene fan bitinken: nou reket Douwe ek alhiel it bisleur kwyt. Mar dat gyng lyk oarsom. De skokken dy't er trochmakke, it ûntbrekken fan de forkearde ynfloed fan syn heit, en it sêfte forstjerren fan syn mem, ik wiene allegearre dingen dy't him wer opklearren.

Douwe waard wer in gewoan minske. Hy genierke mar raek, paste op 'e slach byhwannear der hwat forkoft wurde moast en hie hiel gewoan praet.

Dou troude er mei Sijke. Ja, hoe kaem er der by? En hoe kaem hja der by? Och, syn hûshâldster hie sa'n âld, útstrutsen gesicht, Sijke soe de fleur yn syn deadske wente bringe kinne. En Sijke hie alris op 'e kletter west en wie in hoefizer kwyt. Mar dat wist Douwe sa lyk net.

Yn 't earstoan wie it allegear koeke en ael. Douwe wie wakkere greatsk op 'e stipe dy't er fan syn wiif hie.

Sijke wie in kriichsheit. Wist krekt hoe't de buorkerij yninoar siet. Hie yn 'e hûs it spul kreas yn oarder, mar wist ek wol hwat der yn 't bûthûs to rêdden wie en skamme har net om op it lân de hannen út to stekken. Douwe wie wakker mei har forgulde en lei alles mei har oer.

Stadichoan krige hja it heft yn hannen, sûnder dat hja dat sels sa bidoeld hie. Mar ja, har man wie nou ienris geastlik, tominsten by riten, de swakke kant neist.

Mar handich dat hja wie! It gie Douwe krekt nei 't sin. Hy koe omers alles sa net útpakkesearje as dat wol moast, mar hja wie der by mei hiel har sterke krêft. Wis al, sa'n wiif, dêr koe men hwat mei

bidije. Hy bitroude har, en hja wie ek to bitrouwen.

It waard in forhâlding krekt oarsom as oars mei man en wiif. Hy steunde op har, yn stê fan hja op him. En it wie foar beide goed.

Sa bilibben hja fiif lokkige jierren. Bern krigen hja net en bigearde hja ek net.

Doe kaem der oer it Dykshûs in nije slach. Sijke rekke út oarder, it boaze tige oan en hja wie binnen de wike soun en dea.

Smyt in gevel om dêr't in klimmerbeam by opwoechsen is en de beam sil der hinne sige yn alderhanne bochten dat der skil noch fatsoen mear oan is.

Sa gyng it mei Douwe. Syn hâldfêst wie er kwyt en dêr sigde er hinne. Op 'e bigraffenisdel hearde er dûmny's wurden wol, mar hja gyngen net yn him del. God hie it sa biskikt en dy wist hwat it bêste is foar Syn minskebern; och, it soe allegear wol sa wêze, mar de treast fan dy wurden ûntgyng him.

En sûnt gyng it hurd nei de bidelte. Wis al, byhâlde de hân op 'e duiten en hy koe ek wakker op it lân ombuorkje, mar fierders roezebroek it der nuver troch. Tiden koe er soms op 'e ekersein stean en sjoch de fûgels nei, dy't efter de sedyk welwaarden. De sê, ja! soe dy foar him ek romte bringe kinne? Och né, omers, dien wie 't mei de fiskerij. Wolmienenende minsken retten him wer in hûshâldster oan, mar dêr kaem er yn 't minst net yn. Hy huvere as er oan syn foarige hûshâldsters tocht, en der hie mar ien Sijke west, mar dy lei ûnder de swarte modder. Hy soe fuortoan allinne syn wei wol fine.

En linkedewei waard syn hoarizon hwat langer hwat inger. Syn hûs liet er fan binnen alhiel útsloere, pakken strie sieten jier út jier yn yn 'e golle. Dy waerden trochfretten fan mûzen en ratten dy't mei har glinsterjende kraealechjes yn 'e skimmerjounen sa muoi by de spanten op en del rinne koene. It tilde op fan libben guod. Mar hwat hindere dat Douwe? Hy hie wol in âld revolver en baernde op dat folkje los as hja it him yn 'e keamer al to bot makken.

Om hûs en hear lei it der nuver hinne. der wie in paedtsje nei de efterdoar troch

kûlen en gatten, en dy't nei de foardoar woe, koe mar oppasse of hy stiek him oan de brânnettels en stikels dy't planteit by de sydmuorren opwoechsen.

Hjerstjoun. Prachtich hie de simmer west. Fol blommen en mei rykdom fan fruchten. Douwe hie aerdich sinten makke en se goed opburgen yn 't âldmoadrich kammenet.

Yn de seis jier dat Sijke nou wei west hie, hie hy net sa'n goede hjerst hawn as dizze. En dochs, de ûnrêst oermastere him. Hoe soe 't strak ris mei syn sinten komme? En hwerom koe hy netris fjochtsje lyk as syn heit yn 't foarige, tsjin wyn en weagen?

In fiere neef hie him alris opsocht, ja hwerom? Mar hy hie de fint goedernôch ôfstegere, dy soe daliks net wer opdaegjen komme. Hy wist wol, dat de minsken him foar healnôch oanseagen, mar hy soe se sjen litte, dat er noch wol bigryp oer in oar syn moaie praetsjes hie.

En nou wie it hjerst. Leech hongen de wolkens oer 'e dyk. Skier stiene de Peazemer huzen yn 'e jounskimer. Altomets in bol. Dêr dan wer in fordwaelde sin-nestriel trochhinne. In flodze fan in reinbôge dêr yn 't Easten op.

Douwe ridelt op ien fan syn kreakjende knopkestuollen om. Hark wyn en sê ris oangean! Prachtich dy majesteit fan de stoarmfleagen. Hoe wie 't ek hast wer? Hwat stie der yn 'e Skrift? Men hearde de wyn, mar men wist net hwersanne er wei kaem noch hwer't er hinnegyang.

Hy moast nei bûtendoar. Lokke sok waer him net geweldich oan?

Hy by de dyk op. Dêr efter song de sê syn sangen wylde en ûnbidimber. It wetter stie hol en heech. Wite skûmsalters anjitten oer 'e kop fan 'e dyk, stouwen him oer 'e learzens. Mar dat wie allegearre neat. Hjir wie in sterkenien oan 't wurd, en dêr wie er krekt oan ta. Doe skeat er by de dyk del, djip yn it woedzjende wetter.

De oare moarns founen hja him, oaljejas oan. Súdweste op, suver in spoek. Hy hie him fan 't lân ôfkeard; nou wie de sê him oermânsk wurden. — — —

Yn 'e fierte fear in skip foarby.